



FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 7 maaie byinoar west by Yede oan hûs om de nije wurklist wer gear te stallen. Dizze krije Jo hjirby en wy hoopje dat der foar elk wer wat by is. Nettsjinsteande de hjoeddeistige krisis slagget it ús wer om de stipersbydrage op 10 euro te hâlden. Fierders soene wy (noch altyd) graach de beskikking krije oer de emailadressen fan de leden sadat de wurklist digitaal oerstjoerd wurde kin. It skeelt ús fansels ek yn de kosten. Graach in berjochtsje nei stiftinggrou@live.nl. Minsken sûnder emailadres krije de wurklist fansels thús besoarge. De gearstalling fan it bestjoer is net feroare: Yede vd. Veen (foarsitter), Gé van der Goot-Bangma (skriuwer), Bart van der Wyk (ponghâlder) binne it deistich bestjoer en Anna Hemstra-de Jong, Bauke Lageveen en Frans Bakker meitsje it bestjoer folslein.

WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2015 – 2016

It plak: De grutte seal fan Hotel Oostergoo, alle jûnen begjinne om healwei achten.
Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 8, 9001 JM Grou, tillefoan 0566-621992

Tongersdei 5 novimber 2015:

Sybrén van der Vlugt sil noch ien kear in jûn foar ús fersoargje. Hy nimt ús mei nei it jier 1965. Wêrom krekt dat jier? Dat hat syn reden en hy leit ús dat jûn út. “Ja, dat heucht my noch” sil ôfwiksele wurde mei “Dêr wist ik neat mear fan”. Gean sels mar efkes nei hoe âld (of jong) je yn 1965 wiene.

Tongersdei 10 desimber 2015:

Hjoed komt **Jan van den Bosch** foar it buordsje. Hy sil it hawwe oer ‘de opgeande tiid’. De jierren fyftich, sechtich en santich wêryn ûnder oare syn wat âldere maten in grutte rol spile hawwe. Mei jo binne ek wy tige benijd nei syn ferhalen.

Tongersdei 21 jannewaris 2016:

It wurd is dizze jûn oan **Jan Pieter Rottiné**. Hy sil ús fertelle oer syn jongesjierren op Sevenhuzen en omkriten, dêr't er hikke en tein is, oer hoe't syn âlden yn Grou kamen te wenjen, Abbema State, de bewenners fan krúspunt Sevenhuzen en Parkstrjitte. Fan Sevenhuzen en de Parkstrjitte stapt er oer nei de histoarje fan tsjettelhuzen, stoommasines en skoarstiennen fan it Halbertsmafabryk. Hy joech al oan dat grif net alles yn ien jûn kin, mar “dat sjogge wy letter dan wol fierder”.

Tongersdei 3 maart 2016:

De lêste jûn fan it winterskoft binne der twa sprekkers. Foar it skoft komt oan it wurd **Gjalt Wester**. Hy lûkt op in moaie simmerdei de winkeldoar fan syn âlderlik hûs yn de Spande Kont efter him ticht foar in moarnskuier. Fan meardere huzen en syn bewenner(s) dêr is wol wat te fertellen en ek hjir wurdt de stro net om it aai bedoarn.

Roeie wurket blykber oansteklik want **Lieuwe Schuurmans** stapt nei it skoft yn de skou en roeit (yn 1944) mei in útfanhûzer út Grins troch Grou.

FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2014 – 2015

6 Novimber

Yede hjit de oanwêzigen tige wolkom op wer in nij winterjûneskoft fan de Stifting Grou.

Sybren van der Vlugt en **Bauke Lageveen** farre troch it âlde Grou.

Sybren begjint syn ferhaal by Broer Stellingwerf mei in praatsje mei Hinne, de soan fan Broer. Doe kaam Bauke, ek mei in moai ferhaal. Beide stekke fan wâl en geane linksom. It hege hûs fan Van der Vliet, we sjogge de efterkant fan de legere skoalle, de arke fan Roel van der Meulen, it hûs fan Anne Postma, de Sinne-Wente en prate oer Abe van der Zee en Gerrit Eizinga. Yn it hege hûs (betonnen) wennet de famylje Postma en dêr tsjinoer Andries en Mine Hondema. De mûne is yn 1911 ôfbrutsen, dus hjit de strjitte no Molestrjitte. Doe ûnder de Griene Brêge troch nei de Mar. De Leiding kaam yn sicht (1888-1925), de âlde starttoer (23 maaie 1974), it Teehûs (1927) en lettere datum. Nei it skoft fierder mei de skou, ferhalen oer it Leidingsdykje, in foto fan it heechhout sa ûngefear op hichte dêr't no de famylje Yntema wennet, de grint- en betonnen banken, fiten oer de jongesjierren, de Luif, it sammelplak foar âlde mannen. Ferhalen oer de 'Rival' fan Fokke de Boer, de mûne op de Finne, de Boerewâl mei in protte skouwen en tichtmakke yn 1925. De Rozengracht, ticht yn 1926, de sân stegen yn it âlde Grou. It Halbertsmafabryk, oer stofhok en brân. By Ernst Wester is de skou wer dellein.

Dêrnei waard as ferrassing de jûn ôfsluten troch de fammen/froulju fan it eardere sjongkoar 'De Grouster Famkes', yndertiid ûnder lieding fan Johannes van Stralen. Sy hawwe yn 1958 in plaat opnommen mei fjouwer ferskes en se songen (mei de plaat mei) it stikje: "Ride, ride, ride". Se wiene troch it bestjoer útnoege om dizze jûn by te wenjen en 15 fan de 16 koarleden wiene dizze jûn ek oanwêzich.

Yede betanket Sybren en Bauke en de koarleden, sjoggers en harkers diene dat ek nochris. In tige moaie jûn.

Op 26 novimber is ferstoarn **Geartsje de Beer-Wytsma** yn âldens fan 77 jier.

11 desimber

Foarsitter Yede hjit in grôtfolle seal wolkom en fansels ús sprekker **Henk Kroes**.

Nei in pear meldings krijt Kroes it wurd en begjint oer syn iere bernetiid yn Terkaple, oardeljier foar de oarloch. Op 15 april wie de befrijing en dat waard yn de preek ferteld. De Kanadezen kamen. Yn 1971 wie Henk op ekskursje yn Kanada. By it Wellandkanaal wie in slûswachter dy't soldaat west hie yn Fryslân. Hoe frjemd sit it libben dochs ynelkoar om sa fier fan hûs troch in petear immen te moetsjen dy't yn oarlochstiid sa tichteby west hat. It ferhaal giet fierder oer Fryslân mei it Hoogland gemaal (1966) en dat alles wer wat better waard yn Fryslân. Yn 1946 is harren pleats ôfbaarnd en wennen se letter yn in hok. De pleats koe fanwege de fersekering net opboud wurde. Yn 1947 nei Goaiïngahuzen ferhuze. It lân om 'e pleats hie gjin fersjennings, wat in hiel ferskil wie mei Terkaple. Yn 1949 is dizze pleats ôfbaarnd en yn 1950 is der in nije pleats kommen. We sjogge in boatsje, dokter Schoustra, feedokter, direkteur Leenstra fan it fabryk, molkboaten en Durk van der Schaaf mei de postboat. De skoalle wie op de Feanhoop en de bern waarden mei de boat helle en brocht. De roekeboer Cnossen hat der foar iver dat der yn Grou in Kristlike skoalle kaam, dy't earst yn de kapel wie. Elzinga wie de earste master. De bern waarden helle en brocht troch Fokke de Boer mei de Rival. Hy wie oardeloere ûnderweis. As it min waar wie, dan hie Henk in skûlplakje yn Grou by Kobe de Jong. De aaisikersploegen kamen op it aljemint, in protte aaien jierliks, kobbeaaien, fûgelwacht en krysttiid 1950 mei in ferhaal fan mem Kroes oer iis en sliden nei Grou ta.

Nei it skoft fertelde Henk oer syn skoaltiid yn Ljouwert en dêr yn 'e kost, besites fan ministers, kommissaris, it Lege Midden, diken oanlein en op 2 maaie 1950 Linthorst Homan. Foto fan It Eilân yn 2012, foto's 11-stêdentocht 1956, ferhaal oer de tocht fan 1963 en oer it âlvestêdenbestjoer. Henk en Bauke wurde betanke troch de foarsitter foar de prachtige jûn, mar dat hiene de harkers yn de seal ek al útbundich dien.

15 jannewaris

Us foarsitter hjit wolkom en winsket elkenien in sûn en lokkich Nijjier ta.

Johannes Kleinhuis sil it hawwe oer syn famylje en fansels mei bylden fan himsels en Bauke. De Kleinhuisen komme fan Warten. It ferhaal begjint dan ek yn Warten, Labân en Holstmar, dizze is groeven troch in Kleinhuis, Holst Halbes. Yn 1775 troud mei Hiske Aukes út Boarn. Harren bestean dêr wie molke en der waard fiske yn de Ljouwerterfeart. Yn de mar soe eartiids in daam komme, mar dat is net troch gien. Doe kamen Bindert, troud mei Tryntsje van der Wal en Wigle, troud mei Berber van der Wal fan 'sevenhuzen' op it aljemint. Bylden fan âlde manlju op 'e bank by Oostergoo en op in brechje, it hûs fan pake Wigle en beppe Geartsje (Gjet) yn de Tsjerkestrjitte. Ferhalen oer molkfarder, by Halbertsma ensfh. In tige nijsgjirrige útiensetting oer de famylje Kleinhuis.

Nei it skoft geane we mei bylden troch Grou. We sjogge hurdrinnen, skotsploech, toulûke oer it Nijdjip, âlde minsken yn 'e bus fan Friesmahiem, lytse Ruurd, Kobus en Jan Oostwoud by de garaazje Wester. Dan noch Hotze Tjepkema, Wytse Buske, Hindrik Sliker, Jan Plof, Miedema-pleats, iepen Grûndaam, mar wol mei iis, it AJC gebou, 1ste Easterfjildstrjitte, Wandelwei, Boerewâl, Homme-arkje, de helling fan Wester, Kaastrapleats, GWS steiger, Baggermole Krikke en Sije Halma.

Yede betanket Johannes en Bauke foar de histoaryske jûn. De seal, dy't ek wer fol siet, betanket de beide mannen mei in lûd applaus.

Germ Jonker is krekt ek op deselde 15 jannewaris yn âldens fan 87 jier ferstoarn en trije dagen letter is ferstoarn **Merk Siebenga**, hy waard 89 jier.

Nêst alle minder leuke saken yn it libben is der sa no en dan ek wat te fieren. Op 25 jannewaris 2015 waard **Annie Bangma-Wallner** hûndert jier. It bestjoer hat har lokwinken oanbean.

Yn de oanrin nei it Sint Piterfeest is op 18 febrewaris ferstoarn âld-stiper **Klaske Sikkema-van den Berg**, se waard krapoan 88 jier.

5 maart

Yede iepenet dizze lêste jûn en seit dat de finânsjes der goed foar steane, dus kin der jûn wer in stikje oranjekoeke ôf foar de stipers.

Dizze jûn twa sprekkers: **Lieuwe Schuurmans** sil it hawwe oer de Grousters yn de oarlochstiid en de mobilisaasje, augustus 1939. Op 10 maaie 1940 moarns om 4 oere wiene de moffen der al. Jaap Postma wie soldaat yn Assen (op wacht). Hy wist dat net.

Willem Leistra wie sergeant yn Assen, Louw Atema lei yn Meppel. De stelling Wûns, wie 8 kilometer lang. Der wiene 1400 man, 3 sneuvelen en 600 kriechsgefangenen.

Eibert Sikkema korporaal, Koarnwerdersân, bunkers fan beton, Berend Fokkinga en

10 maaie tankbrigade by Dimter. Der is fel fochten, 400 Nederlânske soldaten binne sneuvele.

De Grebbelinie: Oebele Eizenga wie dêr sergeant. Reid Atzes Wybenga, Harm Wytsma, Wietse van der Veen, Sjoerd Vissia, persoanen mei derby in ferhaal en mei allegearre bylden oer de ynfal op 10 maaie 1940 yn Nederlân.

De Moerdijkbrêgen, 14 maaie it bombardemint op Rotterdam. Tusken 13.30-13.45 900 deaden en 80.000 dakleas en bylden fan de fleantugen.

Op 15 maaie kapitulearre Nederlân. Bylden fan de ferwoeste stêd, (Jan met het gat), fiskkotters en op 22 juny operaasje Barbarossa.

Persoansbewizen, bonkaarten, radio, klokken waarden troch de moffen út de toer helle, winterhulp, kanonnen en stereoscopyske ôfstânsbepaler. Oeral in ferhaal en bylden by.

Ek bylden fan de boat Wasserschutzpolizei, wite brêge mei in stik as wat bern dy't fleanmasines seagen, slûs Terherne bombardearre, Tinus Wester en Hindrik de Wrede.

Gerben Hallema deasketten. Johannes Westra hat soarge dat syn lichem yn de garaazje kaam.

Klaske Kooistra wie de faam fan Gerben.

Bylden en ferhalen fan de boat fan Tsjipke Huisman, ûnderdûkers by Stelwagen, Bauke van der Pal, Jacob Hylkema, Jan Bokma, V1 en V2, wraak fan de Dútsers, Harm Wytsma nei Ingelân, Kees Visser en Hein van der Vliet, Aukje en Wopke Veenstra.

Nei it skoft waard earst in nije kaskommisje keazen.

Doekle Yntema syn ferhaal bestiet út trije dielen. Earst in foarproefke út 1947. Lid wurden fan SSS, útfierings en ferhalen oer Jappie Betten en oer fluchtelemint oefening by SSS. Yn 1947 fan Wytmarsum nei Grou fytst. Krige op it Duvelseilân in kosthûs by de famylje Smit. Moast him by Gauke Bakker melde by it kantoar fan Halbertsma. Hjir krige hy wurk en moast wenne oan de wurkwize dy't hjir wie. Hat doe steno leard, waard letter lid fan de personielsferiening, it korps "Foarút" oprjochte dat 15 jioer bestien hat en waard lid fan de 'beambtenbond'.

Wat kaam er hjir yn Grou tsjin? Geef Frysk en men wie hjir moderner. Grou wie tige polityk bewust en foarútstribjend. Grou wie in yndustrydoarp. Wytmarsum stie wat tichter by de natoer. Op it hûs oan de Marswei stiet Rispinge (Oogst).

Yn 1947 hiene we in prachtige simmer. Yn 1982 -60 jier- en Doekle koe yn de Vut komme. Mei de boat troch de Bouhoeke en Wytmarsum en nei de PC yn Frenstjer. Al mei al in libbensferhaal fan in man 'Fan de Bouhoeke nei it Wetterlân'.

Lieuwe, Doekle en Bauke waarden troch de foarsitter en de oanwêzigen tige tank sein mei wurden en applaus.

Elkenien in goede simmer tawinske en oant sjen op de earste jûn yn novimber 2015.

As it winterskoft wer op syn ein is en wy alwer foarút wurkje nei it nije winterskoft, binne de 'simmerberjochten' meast net de moaiste. Sa ek dit kear wer: **Wytze Roodbergen** stoar op 3 april yn âldens fan 86 jier. **Herman Rein Keuning**, de eardere menniste dûmny, is op 'e Sweach ferstoan op 4 maaie yn âldens fan 96 jier. Op 24 maaie stoar **Boukje Wapstra-Boerke**, se is 83 jier wurden.

Op 25 jannewaris wie der noch feest om't se 100 jier waard, mar op 9 juny is **Annie Bangma-Wallner** yn Akkrum ferstoarn. **Roelie Winters-Gorter** wie noch mar krekt stiper wurden, op 1 july is se ferstoarn yn âldens fan 71 jier. In goed healjier nei har man Germ is op 28 july ferstoarn **Minke Jonker-Bergsma** yn âldens fan 86 jier.

IT ARGYF

Wy trune ús stipers oan om foto's, aansichten, printen, wurklisten, brieven, notuleboeken en fersen, lieten, boeken dy't te meitsjen hawwe mei of makke binne troch Grousters oan ús argyf ôf te stean of yn brûklien te jaan, serieuze brûkers sille jimme tankber wêze.

As Jo Stifting Grou jildlik stypje wolle binne dêrta (belestingfreonlike) mooglikheden. Bygelyks it notariskantoar yn Grou kin Jo hjiroer neiere ynformaasje jaan.
